

normatieve visie op literatuur; hij beschrijft niet enkel feiten, maar laat tevens blijken hoe *goede* literatuur volgens hem zou *moeten* geschreven worden en zou *moeten* functioneren. "Het is de functie van literatuur bij te dragen tot de discussie over de werkelijkheid (...)" (p. 31); en elders (p. 45) wordt o.m. de vrees uitgesproken dat een formele belangstelling van de lezer zijn belangstelling zou "verschrompelen tot literair fetisjisme". Die toch wel tendentieuze literaturopvatting heeft - gekoppeld aan een moralistische instelling en een nationalistische gerichtheid - zowel de overwegend inhoudelijke invalshoek als een aantal van de conclusies van deze studie wetenschappelijk gehypothekeerd. Het is dan ook aan verdere onderzoekers om dit Friese literaire veld nader te bestuderen en het werk van Riemersma, waar nodig, bij te stellen en te corrigeren. Hopelijk gebeurt dat over niet al te lange tijd.

Dirk De Geest

\* It lette besprekken fan it proefskrift leit alhiel bûten de ferantwurdiging fan 'e resinsint (red).

---

Henk Bloemhoff (1991)

*Fonologie en morfologie van het Stellingwerfs: een toetsing van de natuurlijke generatieve fonologie* (= Nedersaksische Studies over taal en volksleven in Oost-Nederland en aangrenzende gebieden, uitgaven van het Nedersaksisch Instituut van de Rijksuniversiteit Groningen, deel 15). (Groningen: Sasland, 341 siden).

Dit proefskrift is Bloemhoff (Bl.) op 14 febrewaris l.l. op promovearre. It doel dat er dermei foar hie, de titel seit dat ek al, is om de teory fan de Natuerlike Generative Fonology (NGF) te hifkjen oan 'e hân fan in wiidweidige en yngeande analyze fan guon morfonologyske ferskynsels yn it Stellingwerfsk (St.) en om te sjen oft dy teory better is as de Standert Generative Fonology (SGF).

Der wurdt út ein set mei in ynliedend, probleem-stellend haadstik. In fraach is oft in fonolooch yn syn ûnderlizzende foarmen segminten oannimme mei, dy't er nea yn 'e fonetyske foarm werom heart. In oare fraach is watfoar soarten fonologyske regels oft der binne en hoe't fonologyske regels oardere wurde moatte. Wer in oaren-ien is oft fonologyske regels mei útsûnderingen likegoed in proses beskriuwe of dat se inkel útdrukke dat beskate foarmen, dy't yn it leksikon sitte, mei-inoar yn ferbân brocht wurde kinne.

Yn 'e SGF binne abstrakte segminten tastien, wannear't dêrmei generalisearjende fonologyske regels mooglik wurde. Soks kin liede ta tige abstrakte ûnderlizzende foarmen. Yn 'e SGF wurde fonologyske regels ekstrinsyk oardere, d.w.s. dat yn 'e grammatika eksplisite oarderingsútspraken jûn wurde. In regel mei útsûnderingen beskriuwt in fonologysk proses; de foarmen dy't sa'n regel al of net ûndergean moatte, wurde fandatoangeande murken mei it iene of oare (positive of negative) skaaimerke.

Yn 'e santiger jierren kaam, as reaksje op 'e SGF, de NGF op. Yn dat ramt wurdt in 'konkrete(re)' oanpak fan 'e fonology foarstien: in ûnderlizzende foarm mei yn prinsipe gjin segminten befetsje dy't net yn op syn minst ien fonetyske foarm derfan foarkomme; der wurdt in strang ûnderskied makke tusken suver fonetysk-fonologyske regels en deselden dy't (mei) morfologysk kondisjonearre binne; fonologyske regels wurde yn prinsipe yntrinsyk oardere, d.w.s. dat de oardering fuortkomt út 'e opbou fan 'e grammatika; in regel mei útsûnderingen beskriuwt gjin proses, mar ferbynt foarmen oaninoar dy't yn it leksikon opslein binne.

De opkomst fan 'e NGF hat de oanlieding west ta in striid oer de (graad fan) abstraktens dy't yn 'e fonology tastien wurde moat. Neffens Bl. is dat nea goed ta in útdragene saak brocht, ek al mei omdat der nea in wiidweidich korpus op dit punt ûndersocht is. Boppedat kamen yn 'e tachtiger jierren de non-linêre en de leksikale fonology op, mei elk har eigen ûndersyksfragen en -mêd, dat de diskusje oer de abstraktens waard yn syn earste foarm gewoan net fuortset.

Bl. wol de NGF, yn 'e ferzje fan Hooper (1976), hifkje oan 'e hân fan guon morfonologyske ferskynsels yn it St. Hy hat dêrta in grut korpus St. materiaal byinoar sammele, dat him twingt om net ta wiidfiemjende konklúzjes te kommen op grûn fan mar in pear feiten.

Yn haadstik 1 wurdt yngongen op alternânsjes yn it tiidwurddparadigma. Hieltid wurde in NGF- en in SGF-oanpak foarinoar oer set en hieltid is de útkomst dat de NGF-oanpak net doocht. Bl. kiest dêrom foar in SGF (item-and-process)-oanpak en dêrmei foar regels dy't ynheakje op in skaaimerke dat in lyts tal foarmen by him hat. It giet faak en folle om regels dy't mar op in pear tiidwurden wurkje en dus net algemien binne. Hooper (foar)seit dat sa'n regel dan, fonologysk sjoen, arbitrêr wêze moat, mar Bl. lit nei myn smaak oertsjûgjend sjen dat der yn sa'n gefal meastal noch wol in fonologyske generalisaasje te meitsjen is, al spilet morfologyske ynformaasje faak in kondisjonearjende rol. Bl. nimt oan dat de St. tiidwurden allegearre in saneamde temafokaal hawwe - dy't yn 'e measte gefallen de oerflakfoarm net hellet - dêr't er aardich wat observaasjes mei te plak bringe kin. Haadstik 2, oer ferlyttingswurd- en meartalsfoarming, hat deselde soart opset en der wurdt itselde konkludearre. Yn beide haadstikken wurdt in macht oan materiaal jûn, dêr't in frisist ek gâns fan syn gading yn fine kin út in each fan ferliking mei it Frysk.

Haadstik 3 ("Syllaben en segmenten") hat my fierwei it minste foldien. Om te begjinnen hat it wat fan in grabbeltûne: der sit fan alles wat yn en de reade tried mist tefolle. De NGF hat de syllabe syn rjochtlik plak yn 'e generative fonology jûn. Omdat de ideeën fan 'e NGF oer syllabestruktuer - troch it opkommen fan 'e net-lineêre fonology - op 't heden as efterhelle beskôge wurde kinne, hifket Bl. yn dit haadstik de NGF net, mar trije hypotezen oer syllabestruktuer dy't yn in net-lineêr ramt formulearre binne.

Alderearst giet er nei watfoar syllabetemplaat oft foar it St. oannommen wurde moat. Hy komt op mar leafst trije templatens (s. 239-240), dat wat al te folle fan it goede liket te wêzen. Der soe nei ien templaat sribbe wurde moatte, liket my ta, allinnich al mei it each op taalwinning. Dat Bl. safolle templatens nedich is, komt omdat er him net beheint ta de inisjele, fonologyske syllabifikaasje en dêrmei ta it ûnderlizzende nivo en de net-ôflakke struktuer. Dat twingt him derta om bgl. sonantyske konsonanten yn ien fan syn templatens op te nimmen, wylst it my sterk taliket dat dy op it ûnderlizzende nivo in rolle spylje soenen en dat se net fonologysk ôflaat wurde moatte út de sekwijsje sja + konsonant. It is ek spitich dat Bl. net op 'e hichte liket te wêzen fan resinte teoryen (oer it Hollânsk) oer sja + taheaksels oan 'e syllabe. De templatens binne sa net mear as in beskriuwing fan wat men yn it St. oan it oerflak oan soarten syllabe tsjinkomme kin. Ynsjoch yn wat men de 'primêre fonotaktyse struktuer yn it St.' neame kinne soe, wurdt net jûn. Bl. hie neffens my besykje moatten en slagje wat lossen fan 'e data.

Paragraaf 3.3 giet yn op fonologyske templatens en net-algemeine (fonologyske) regels. Ik bin der wis fan dat Bl. net sa'n wurk meitsje hoegd hie fan foetfoarming en (beskate soarten) assimilaasje oer de wurdgrins hinne, wannear't er better neitocht hie oer wat klitisearring, fonologysk sjoen, is; want it giet om allegearre klitisearringsferskynsels (dy't faak goed mei soartgelikense gefallen yn it Frysk te ferlykjen binne).

Paragraaf 3.6 giet oer it universele rym fan 'e syllabe, d.i. de fokalyske kearn en wat dêr oan segminten efter oan komme kin. Der binne útstellen dien dat it rym inkel foar in wurd- of morfeemgrins fan 'e foarm -VXC (= fokaal-segmint-konsonant) wêze kin - ôfsjoen fan /s/ en /t/ dy't dêr wer efter oan komme kinne - mar yn it wurd net. Op grûn fan St. foarmen konkludearret Bl. dat dêr VVCC-rimen tastien wurde moatte en dat it universele (rym)templaat dêrom útwreide wurde moat. It liket my ta dat hjir in ûnfruchtbere ûndersyksstratêge tapast wurdt. Bl. moast de, as universeel bedoelde, rymrestriksje as útgangspunt nommen hawwe en alle war dien hawwe om it St. dêr yn te bepassen, ynstede fan út it St. wei te riddenearjen. De fokalen yn bgl. [ka:mpə] en [a:rx] kinne ûnderlizzend skoen as koart represintearre wurde, mei letter yn 'e ôflieding rekking foar nasalen en likviden. Dat se nea koart oan it oerflak komme, kin foar Bl. gjin beswier wêze dat makket, omdat er, as SGF-man, wol mear 'abstrakte' segminten oannimt.

Is de NGF no troch Bl. alhiel wjerlein en dêrmei ta weismiten keard? Bl. sels liket dêr moai wis fan te wêzen; op s. 9 hat er it oer "een definitief antwoord" dat er mei syn ûndersyksrisselfalten op guon fragen (sj. it begjin fan dizze skôging) jaan sil. No haw ik in skalk each op definitive antwurden en yn 'e wittenskip alhielendal. Wat Bl. al klear sjen lit, is dat de NGF yn 'e foarm fan Hooper (1976) net adekwaternôch is. Dan kinne jo twa dingen dwaan: jo kinne sa'n teory fersmite of jo kinne him oanpasse. Wêr't jo foar kieze, koe wolris mear fan in - net of slim te beriddenearjen - persoanlike foarkar ôfhingje as fan spikerhurde wittenskiplike kritearia. Dat alle fonologyske alternânsjes, al binne se noch sa morfologysk kondisjonearre, likegoed as in proses beskreaun wurde moatte, is (mar)

ien oannimming. In statsyske fia- of relasjonale regel kin ek hiel wol in fonologyske regelmjittichheid út drukke, at men de oannimming út Hooper (1976) mar oanpasse wol dat se fonologysk arbitêrêr wêze moatte. It is by Bl. boppedat sa dat de NGF it oer alle boegen sitte lit en de SGF it oer al dyselde boegen by de rjochte ein hat. Soks is suver te moai om wier te wêzen. Bl. mocht om my wol wat mear each hân hawwe foar it betreklike fan syn wittenskiplik gelyk.

Likegoed bin ik fan betinken dat Bl., frâl yn syn haadstikken 1 en 2, knap wurk levere hat. Hy hat gâns materiaal ferarbeide, dat grif fertuten dwaan sil by it skriuwen fan it nije St. wurdboek en dat datselde dwaan kin by it meitsjen fan in grutte St. spraakkeunst, dy't der fansels ek komme moat. Wol ien tenei noch wat oer de morfoloogy fan it St. sizze, dan sil Bloemhoff (1991) yn 'e bibliografy stean moatte.

Willem Visser

Hooper, J.B. 1976, *An Introduction to Natural Generative Phonology*. New York: Academic Press.

---

L. Layendecker, L.G. Jansma and C.H.A. Verhaar (red.) (1990)

*Experiences and Explanations. Historical and sociological essays on religion in everyday life.* (Fryske Akademy, Ljouwert, 196 pag.).

De door L. Laeyendecker, L.G. Jansma en C.H.A. Verhaar uitgegeven bundel met engelstalige artikelen over godsdienst in het dagelijks leven is de schriftelijke neerslag van het door de Fryske Akademy in 1988 georganiseerde congres over 'Religion in Everyday Life'. De essays betreffen de godsdienst van het dagelijks leven uit de periode van de 17e t/m de 20e eeuw, zowel vanuit historisch als sociologisch oogpunt geschetst.

De verscheidene opmerkingen over de beperkt beschikbare bronnen en over de betekenis van de begrippen 'godsdienst in het dagelijks leven', 'volksreligie', 'volkscultuur' etc. zijn weliswaar begrijpelijk (en noodzakelijk), maar werken voor het geheel van de bundel toch verwarrend. In feite heeft vrijwel iedere auteur zijn eigen begrippen-kader. Het is dan ook jammer dat er geen neerslag is opgenomen van een discussie tussen de auteurs. Afgezien daarvan geeft deze bundel een verrassend zicht op godsdienst in het dagelijks leven.

De schets voor een geïntegreerde aanpak van onderzoek van de hand van Laeyendecker, waarmee de bundel afsluit, is een uitdaging aan de lezer: het vraagt de lezer om opnieuw het centrale thema ter hand te nemen. De kernvraag daarbij is of er voor de interpretatie van historische bronnen en het hieruit naar voren komende beeld van godsdienst in de samenleving, alsmede voor de verklaring van de gevonden gegevens één theoretisch model denkbaar is, waar historici en sociaal-wetenschappers beide mee kunnen werken.

In het artikel van A.C. Duke komt de reformatie in de Nederlanden in de 16e eeuw ter sprake. Aan de protestantse godsdienst gaven de overheden in het toen nog rooms-katholieke land weinig ruimte. Duke noemt als bronnen van het onder het volk opkomende protestantisme: pamfletten, in woonhuizen gevonden evangeliën uit die tijd, verhandelingen van martelaars-processen en troost- en getuigenis-literatuur. De protestantse 'kleine luyden' hechten veel waarde aan bijbel-lezen en aan religieuze liederen. Duke schetst de sfeer en de thema's van de bijeenkomsten van deze dissidenten, de één met een geheim karakter, de ander openbaar en voor ieder toegankelijk. Hij duidt deze reformatorische groeperingen aan met 'ongeleterden', of met het begrip 'kleine luyden'. Dit vraagt echter om verduidelijking. Wordt hier bedoeld op arbeiders, of wordt hier met name de groepering van middenstanders en handelaren bedoeld (voorzover die aanduidingen voor die periode geschikt zijn)? Het is ook niet duidelijk geworden hoe 'ongeleterden' zich bezig konden houden met abstracte vragen over 'transsubstantiatie' of met 'geschreven' teksten.

P. Münch geeft een heldere studie over het duitse Nassau-Dillenburg, waar de reformatie snel ingevoerd werd. Hij gaat vooral in op de gevolgen van de reformatie voor het dagelijks leven. Het